

MEMO algemeen bestuur

Aan	algemeen bestuur
Van	dagelijks bestuur
Onderwerp	Beantwoording schriftelijke vragen FNP inzake gemaal Ryptsjerk
Datum	18 januari 2021

Yn de tarieding fan it projekt Nijbou gemaal Ryptsjerk is wiidweidich oerlein mei de belanghawwenden, wêrûnder de gemeente Tytsjerksteradiel, nutsbedriuwen, Doarpsbelang Ryptsjerk en de neiste omwenjenden. Dizze yntegrale projectoanpak hat der yn resultearre dat it plangebiet folslein op 'e nij ynrjochte wurde sil. Njonken it wurk oan it nije gemaal wurde de âlde slûshaden restaurearre, it fytspaad ferlein, it elektrisiteitsstasjon en de oanlisplakken fan de nije slûs ferpleatst en komme der nije beammen en oare beplanting.

Beäntwurding fan de fragen

- 1. Is der by it Programma fan Easken foar de ferfanging fan gemaal Ryptsjerk rekkening hâlden mei it iepen hâlden fan de (rekreative- en skoal-) fyts- en kuierrûtes dy't oer it bouterrein rinne? Sa ja, op hokker wize? Sa nee, wêrom net? Hoe is ien en oar yn it foar mei de belanghawwenden bepraat en hoe is it fierder kommunisearre mei de omjouwing?*

It bysûndere fan dit projekt is it feit dat it fytspaad dwers oer de projektlokaasje rint. As inisjatyfnimmer hat it Wetterskip by it begjin fan it projekt besocht in oanpak te betinken wêrby it fytspaad iepen bliuwe koe, danwol it paad inkeld foar in koart skoft ôf te slúten. De wurksumheden binne lykwols sa omfangryk dat it iepen hâlden fan it fytspaad yn hokker foarm dan ek net feilich is. Yn oerlis mei de dykbehearder, de gemeente Tytsjerksteradiel, is dêrom besletten it fytspaad by de wurksumheden folslein ôf te sluten om't oars de feilichheid fan de gebrûker net garandearre wurde kin. Dat beslút is by keukentafel-petearen besprutsen mei doarpsbelang Ryptsjerk en de oanwenjenden. De gebrûkers binne troch buorden op 'e hichte brocht. De kommunikaasje is yn de mande mei de gemeente Tytsjerksteradiel útfierd. It beslút om it paad ôf te slúten is troch de gemeente, yn syn rol as dykbehearder, nommen.

2. *Wat wol it Wetterskip, streekrjocht as opdrachtjouwer dan wol yn oerlis mei Doarpsbelang en de gemeente Tytsjerksteradiel, dwaan om oanbelangjende fyts- en kuierpaden op sa koart mooglike termyn dochs wer tagonklik te meitsjen? Hoe sil dit fierder mei de omjouwing kommunisearre wurde?*

Yn goed oerlis mei de gemeente Tytsjerksteradiel is in omliedingsrûte fêststeld, dy 't troch buorden oanjûn is. Dêrnjonken is oan Doarpsbelang Ryptsjerk tasein dat it fytspaad by in twatal doarpseveneminten yn 'e wykeinen iepene wêze sil. It op koarte termyn wer iepenjen fan it fytspaad is fanwegen de feilichheid fan de brûkers en it personiel fan de oannimmer net mooglik. Dat is mear as ien kear kommunisearre mei Doarpsbelang Ryptsjerk en de oanwenjenden.

3. *It Wetterskip hat de ôfrûne twa jier by it AB oanjûn him bewust te wêzen dat hja as organisaasje net allinnich mei de wettertechnyske bril op eigen terrein en mei de eigen belangen dwaande wêze wol, mar operearje wol midden yn de Fryske mienskip mei mear each foar alle maatskiplike belangen dy't der spylje. Earder hiene wy al it ynsidint mei swier frachtferkear dwers troch de doarpskom fan Jorwert. Of de situaasje mei in baggerdepôt yn greidefûgellân by de Holwerter Feart. En no dizze kasus yn Ryptsjerk.*

Wat hat it DB konkrêet dien om it bewustwêzen en in goede omgong mei maatskiplike belangen fan de direkte omjouwing te ferankerjen yn it wurk? Is der bygelyks in fêste paragraaf of toets op rekreative, ferkearskundige, miljeu ensfh. maatskiplike belangen yn Programma's fan Easken foar projekten fan it Wetterskip? Sa nee, hoe tinke jo dat dan op koarte termyn al te boargjen

Wy binne fan betinken dat wy yn dizze kasus goed rekken holden ha mei maatskiplike belangen en de direkte omjouwing. Dat sit neffens ús sa njonkelytsen by ús meiwurkers goed tusken de earen en mei help fan de formats fan projektplannen krijt it omjouwingsmanagement yn de basis altyd it omtinken dat it fertsjinnet. Net allinnich omdat wy fine dat soks sa heart mar meinammen om fertraging yn de útfiering – en de hegere kosten dy't dêr meast oan ferbûn binne – foar te wêzen.



SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 35 Reglemint fan Oarder 2019

Rjochte oan DB lid	Van Weperen Underwerp: Fyts- en kuierpaden gemaal Ryptsjerk
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>It gemaal Ryptsjerk wurdt ferfongen. De wurken foar de nijbou binne op it stuit geande (1). Oer en lâns it wurkterrein en oer de âld slûs rinne lokale fyts- en kuierrûtes. Dizze binne no ôfsluten. Fanwege de feiligens is it net winsklik dat it publyk oer it bouplak rint of fytst. Neffens ynformaasje soe de ôfsluting op syn minst 7 moanne duorjen gean.</p> <p>Ut de lokale mienskip fan Ryptsjerk en Hurdegaryp berikke de FNP fraksje lûden dat de ôfsluting mar min nei it sin is. Doarpsbelang Ryptsjerk en lokale brûkers jouwe oan dat harren fêste kuier- of fytsrûntsje no foar lange tiid ôfsluten wurdt, wylst der in grut ferlet is foar rekreatyf gebrûk. Seker no yn corona-tiid, no't der eins net folle oare mooglikheden binne om ticht by hûs in frisse noas te heljen. De fytsrûte is ek in wichtige trochgeande ferbining foar skoalbern en oaren út de Trynwâlden rjochting Hurdegaryp, Burgum.</p> <p>Ut de lokale situaasje docht bliken dat in koarte omlizzing fan de rûte om it bouterrein hinne mei wat rijplaten, in ekstra stek en in needbrechje hiel goed mooglik wêze soe.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is der by it Programma fan Easken foar de ferfanging fan gemaal Ryptsjerk rekkening hâlden mei it iepen hâlden fan de (rekreative- en skoal-) fyts- en kuierrûtes dy't oer it bouterrein rinne? Sa ja, op hokker wize? Sa nee, wêrom net? Hoe is ien en oar yn it foar mei de belanghawwenden bepraat en hoe is it fierder kommunisearre mei de omjouwing?2. Wat wol it Wetterskip, streekrjocht as opdrachtjouwer dan wol yn oerlis mei Doarpsbelang en de gemeente Tytsjerksteradiel, dwaan om oanbelangjende fyts- en kuierpaden op sa koart mooglike termyn dochs wer tagonklik te meitsjen? Hoe sil dit fierder mei de omjouwing kommunisearre wurde?

	<p>3. It Wetterskip hat de ôfrûne twa jier by it AB oanjûn him bewust te wêzen dat hja as organisaasje net allinnich mei de wettertechnyske bril op eigen terrein en mei de eigen belangen dwaande wêze wol, mar operearje wol midden yn de Fryske mienskip mei mear each foar alle maatskiplike belangen dy't der spylje. Earder hiene wy al it ynsidint mei swier frachtferkear dwers troch de doarpskom fan Jorwert. Of de situaasje mei in baggerdepôt yn greidefûgellân by de Holwerter Feart. En no dizze casus yn Ryptsjerk.</p> <p>Wat hat it DB konkreet dien om it bewustwêzen en in goede omgong mei maatskiplike belangen fan de direkte omjouwing te ferankerjen yn it wurk? Is der bygelyks in fêste paragraaf of toets op rekreative, ferkearskundige, miljeu ensfh. maatskiplike belangen yn Programma's fan Easken foar projekten fan it Wetterskip? Sa nee, hoe tinke jo dat dan op koarte termyn al te boargjen?</p>
foar	<i>(1) LC, 13 jannewaris 2021</i>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Yde Dijkstra
---------------	--

Datum	14 jannewaris 2021
-------	--------------------